


25-1-'01

't Skieppesturtsje



Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.

't Skieppesturtsje



Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje en oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers.

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan "bydrage 't Skieppesturtsje" en it jier dêr't it betrekking op hat.

Bankrelaasje

Rabobank Boalsert

Rekeningnûmer: 3087.56.800

Redaksje-adres:

Tea Huitema

Sylroede 17

8765 LV Tsjerkwert

E-mailadres:

skieppesturt@post.com

Redaksje:

Lysbeth Galama

Kerkstraat 12

(tel. 0515-579364)

Tea Huitema

Sylroede 17

8765 LV Tsjerkwert

(tel. 0515-579595)

Trudy Witteveen

Beabuorren 1

(tel. 0515-572549)

Gerben Wijnja

Waltawei 53

(tel. 0515-579348)

Henk van der Zee

Waltawei 31

(tel. 0515-579768)

Typewurk

Gjettje Dijkstra-van der

Veen

Gerben Wijnja

Stinsilwurk

Henk van der Zee

Untwerp omslach

Michiel Galama

Foarwurd fan de redaksje

Utrikken Skieppesturt

It nije millennium sette útein mei de ûnderskieding fan de Simmer 2000 kommisje dy't feestlik plakfûn yn It Waltahûs. Wy koenen der as redaksje net omhinne: dizze warbere minsken moasten yn 't sintsje setten wurde. *"It wie in bysûnder en unyk feest, in tige slagge feest. Grutte wurdearring foar dit alles. Tige tank oan de sponsors, de ynwenners fan beide doarpen, de wit-ik-hoefolle frijwilligers, de bouwers en brekkers, de wrotters en de skreppers, but last en foaral net least de kommisje. Us tank en ús Skieppesturt foar jimme!"* neffens Henk van der Zee.

Priis foar de kleurplaat net opeaske

Dan noch eefkes werom komme op 'e kleurplaat dy't wy yn ús krystnûmer hiene. De skoalbern lykje hjir net waarm te rinnen foar in pryske, want de respons wie spitigernôch nihyl. Sadwaande koe der gjin priis útrikt wurde dat dy ha wy sels dan mar holden.

Nij omslach

It is jim fansels al opfallen.. Wy woene it nije millennium eins wol oangripe om mei wat oars te kommen. Boppedat wiene wy al troch it âlde omslach hinne en wie ús kar ferline jier al fallen op in mear geanber formaat. Dit om de priis wat yn 'e hân te hâlden. In nij omslach dus. Fansels moast it wol kenmerkjend wêze. Wy fregen âld-Arkumer Michiel Galama fan Boalsert om rie en dy kaam doe mei dizze tekening fan it brêgehokje op 'e lappen. Op 'e achterkant ha wy it wapen ôfprintsje litten. Wy binne der wol oer te sprekken en hoopje dat it by de lêzers ek yn goede ierde falle sil. Op dit plak wolle wy Michiel ek tige tank sizze foar it beskikber stellen fan syn tekening. Fansels wurdt syn namme mei eare opnommen yn ús kolofon dat ek oanpast wurde moast.

Klapbrêge ferdwynt

Flakby feroaret der noch wat. Wa't it fytspaad by de Trekfeart lâns nei Boalsert brûkt sil meikoarten de karakteristike klapbrêge "Hollanderzet" misse. De steat fan ûnderhâld is te min om him op te knappen en in nijenien is net oan 'e oarder om't de famyljes Huitema in ûntslutingswei nei Ymswâlde krigen ha. De Gemeente Boalsert wol der yn elk gefal gjin jild yn ynfestearje wylst de famyljes fan keap ôfsjogge. Dêrmei falt dus ynkoarten it doek oer dit skilderachtige lânskipslemint fan de Trekfeart tusken Ymswâlde en Boalsert.

Wynmotor

It sil ek opfallen wêze dat de monumintale wynmotor fan Jousterp werom is op syn âlde plakje. Hy is foar in smite jild opknapt, mar it is fansels ek in unyk eksimplaar, de lêste fan it type Energie en hy bepaalt it wide lânskip mei de pleatsen yn hege mjitte. Doe't er fuort wie foar restauraasje wie it mar in leech plak dêr op Jousterp. Yn in earder nûmer ha wy alris wiidweidich skreaun oer dizze wynmotor dat yn dit nûmer litte wy it hjirby.

Nederlânsk kampioene

Oer oansjen sprutsen. Lybrich Schakel sette ús doarp oan de Trekfeart ôfrûne 3 maart wol hiel dúdlik eefkes op 'e kaart. As betûft hurdrydster by de Schaats Training Bolsward die se mei oan it Nederlânske junioaren A kampioenskip marathonriden yn Eindhoven. Machtich moai om it talint bekroand te sjen mei, jawis in earste priis. En dêrmei ha wy dan in Nederlânske kampioen yn ús fermidden dy't grif in moaie takomst temjitte gean kin yn it reedriderssirkus.

Allinne sil dat dan net mear by de junioaren kinne, want dêr is se takom jier te âld foar. Lykwols ús hertlike lokwinsk mei it behelle súkses en wy winskje dy, Lybrich, in fantastyske reedriderskarriêre ta.

Dat dit feest krekt yn it jubileumjier fan de iisklup falle mocht hat sa wêze moatten en is fansels in passend hichtepunt yn de skiednis fan in feriening dy't 24 febrewaris har 125 jierich jubileumfeest hold yn It Waltahûs, mar dêroer fierderop mear.

Keramysk heechstantsje

Noch ien dy't de wrâld 'feroverje' wol fanút Tsjerkwert. En dan ha wy it oer Ada Stel, de keramiste dy't sûnt 1984 yn ús doarp de ferneamde Galerie Artisjok ûntwikkele hat ta in yn heech oansjen steande besittersattraksje. Keunstleafhawwers út it hiele lân witte har en dus ek Tsjerkwert wol te finen, mar meikoarten sil men nei Parys ôfreizgje moatte om har keunstwurken besjen te kinnen. De eksposysje "Beeld van een vrouw" is hjir noch oant 23 maart te sjen, mar dêrmei steane har skulptueren op 'e 34-^e ferdjipping fan in opfallend gebou yn de wyk La Defense fan de Frânske haadstêd. Mar gau eefkes noch nei Artisjok dus.

Wy lokwinskje Ada Stel mei har súkses yn de wrâld fan de keramyske keunst.

Aaisykjen

It is in fêst gebrûk dat it earste ljipaai fan Tsjerkwert en omkriten troch de redaksje beleanne wurdt mei in beker. Yn neifolging fan wat yn de provinsje ôfptraat is, sille ek wy gjin earste aai oannimme. Wy fine dat net korrekst no't de Bond van Friese Vogelwachten yn oerlis mei de provinsje en de lânbou-organisaasje NLTO de aaisiker it advys jûn hat de fjilden net yn te gean. Wy witte ek dat der ûngelyk oer tocht wurdt, mar mei folle fûgelminskten binne wy benijd nei de útkomst fan in wiidweidich ûndersyk dat holden wurde sil nei de gefolgen fan it net sykjen. Hoe grut sil it tal ljippen wêze dat foar en nei de aaisikerstiid oan 'e lêch is en wat sil dat oan jonge fûgels opsmite? Binne de betide ljippen no wol súksesfol en is it faaks dêrom better om hielendal mei it aaisykjen op te hâlden? It sykjen wie al beheind ta de minskten dy't oan neisoarch dogge. Dy kinne gewoan trochgean mei harren frijwilligerswurk en hobby. Mar hiel miskien kin in mooglik útbrekken fan tongblier de minskten fan it ûndersyk ek út de fjilden hâlde. Lit ús it net hoopje.

Ta beslút

Wy geane mei de tiid mei en fanôf dit nûmer kin men de kopij ek fia in eigen E-mail tastjoere. Sjoch ús kolofon. Men hoecht der de doar net iens mear foar út. Wat beheint jo dan noch om wat yn te stjoeren? Ek snypsnaren binnen sa wolkom. Alle nijs wat binnenkommen is fine jo fierderop wer. Mei útsûndering fan de agenda want dy wurdt, sa binne wy ûndertusken wend, Op de Mat besoarge. Ta beslút folle lêswille mei dit nijste nûmer fan 't Skieppesturtsje.

Gerben



*Voor de
Komende
jaren,
Pompen we weer bij.*

*Wij willen iedereen bedanken
'die' In wat voor vorm dan ook
aan ons 25 jarig huwelijks
jubileum gedacht heeft.*

Het was overweldigend.

Joop Akke en Jan

Tsjerkwert fierde it 125-jierrich bestean fan 'e iisklup

Sneontejûn wie de betinking, dat it 125 jier lyn wie, dat der yn Tsjerkwert in iisklup oprjochte waard. Yn it bywêzen fan fertsjintwurdigers fan 'e K.N.S.B., it gewest, de gemeente, de federaasje en oare iisklups' fierde it bestjoer mei har leden en âld-bestjoersleden dit jubileum.



Jantsje en Harmen de Boer op it iis foar de pastorijs. Op it koek en sopytintsje stiet in 'ledenrijderij van mannen' oankundige.

It bestjoer hie de middeis de seal kreas fersierd. Yn it âlde stimpelhokje wie in útstalling fan foto's fan eartiids, fan âlde brieven oan it bestjoer, startlisten, oankundigingen fan grutte riderijen ensfh. ensfh. Se hiene der hast in lyts museum fan makke.

It bestjoer hie it der drok mei hân; dat wie yn 1876 wol oars, sa hearden wy út it ferslach fan 'e skriuwer. De bestjoersleden wiene doe 'Directeuren' en dy hiene wer 'Keurmeesters' yn tsjinst, dy't de lieding hiene by de riderijen en yn 1888 waard der in boade beneamd mei in fêst salaris fan 4 gûne jiers "die al de werkzaamheden der ijsclub op aanzegging van het bestuur zal moeten verrichten". Dat wiene nochris tiden, hearden wy it bestjoer fan no hast lûdop tinken.

Foarsitter Wieger de Jong koe in folle seal (mear as hûndert besikers) wolkom hjitte. De feestgongers wiene al wat yn 'e stemming troch in lekker

bakje kofje mei oranjekoeke en de feestlike lûden fan de boerekapel (in diel fan de bekende doarpsfanfare 'Eensgezindheid').

Skriuwer fan 'e iisklup Lutske Schakel die ferslach fan 'e ôfrûne 125 jier, hjirby in koarte gearfetting.

Koart histoarysk oersjoch

De klup waard oprjochte yn febrewaris 1876 troch 13 manlju yn kafee De Vlijt. It earste bestjoer bestie út IJ. Jaarsma, foarsitter, H.Zijsling Dz. siktaris, Th.Schuurmans skathâlder, H.Zijlstra en S.H. de Jong.

Op 13 jannewaris 1879 waard de earste riderij holden; it wie in riderij foar *"manspersonen die geen geadverteerde prijs hadden gewonnen"*. Der diene 50 manlju oan mei. De prijs wie 50 gûne en de preemje 15 gûne; in pear redens koste yn dy tiid 3 gûne en 50 gûne wie dus in fermogen. Der kamen in soad minsken op ôf.

Yn 1883 wie it iis hielendal fernield troch de stoomboaten en dêrom joegen de bestjoersleden guon arbeiders de opdracht om foar in kwartsje yn it oere sâfolle iis út 'e feart te seagjen as nedich wie om in riderij te hâlden. Al gau lei der wer in moaie iislaach yn 'e feart en doe koe der in riderij útskreaun wurde. Yn it notuleboek stiet dan:

"Doch wat wel ietwat te betreuren was, de kosten aan de baan waren besteed, de anonces een deel van Friesland doorgestuurd en allerlei noodige schikkingen door het Bestuur gemaakt en daar maakt de ingevallene dooi een einde aan al het verrigte en aan de voorgespiegelde illussien van de liefhebbers van het ijsvermaak en beneemt voor deze winter aan Tjerkwerds IJclub de gelegenheid om hare of althans een deel harer rijksdaalders te doen vloeijen in de zak van den een of andere Hardrijder."

Kwakkelwinter

Yn 'e winter fan 1928-1929 wie de trekfeart fan begjin jannewaris oant 18 maart fanwege it iis net befarber. Der waarden dy winter 16 riderijen útskreaun, wêrfan 6 fanwege taaiwaar of kjeld net trochgean koene. It wie in kwakkelwinter, sa no en dan ien of twa dagen taaiwaar en dan wer folop winter. Op 26 febrewaris wurdt dan in grutte riderij holden foar froulju. Om net yn al te grutte finansjele noedlikheden te reitsjen, wurdt besletten om by yntekening in waarboarchfûns ûnder de leden te foarmjen mei oandielen fan 5 gûne, ûnder betingst, dat de ferliezen foar rekken fan it waarboarchfûns komme, mar de foardielen oan 'e iisklup fersalle. Der wurde 61 oandielen ferkocht. Guon leden woene de nije baan, dy't makke wurde moast op it Van Panhuyskanaal, wol fergees klearmeitsje, mar as de riderij jild opsmiet woene se in flinke beleanning ha. Der kamen 16 rydsters op ôf, wêrûnder de

bêste fan Fryslân. Ek by dizze riderij wie "Eensgezindheid" oanwêzich, sa

as wol faker it gefal wie, en *"liet vanaf de wal hare tonen over de banen klinken en bracht eene vrolijke stemming in de dichte haag van toeschouwers van heinde en ver gekomen om Frieslands kampioene te zien rijden trots de felle kou die er was."*

By dizze riderij waarden 1045 kaartsjes fan 50 sint ferkocht. Nei ôfrin wie de priisútrikking by wed. Zwaagstra, *"alwaar meenig aanwezige het woord heeft gevoerd."* Meielkoar wie der in prizejild fan 205 gûne. De earste priis fan 100 gûne wie foar Geeske Woudstra fan Doniaga. Sy wûn dy winter 26 1^e prizen, in 2^e en in 3^e priis. Se hie meielkoar 2.000 gûne oan jild wûn, dêr't se in hûs fan kocht.

"t publiek uit elkaar gedreven"

Op 30 jannewaris 1933 wie der in riderij foar *"mannen zonder onderscheid"*; der kamen 16 riders op ôf, wêrûnder de hurdste riders. Yn 'e twadde omloop brocht de striid tusken Thijs Klompmaker en Jolle de Jong in soad spanning. Thijs Klompmaker en Jolle de Jong hiene beide alris in pear kear kampioen *'van den Bond van IJclubs in Friesland'* west. De gewoante wie, dat as der in falske start wie, men elke kear wer op 'e nij starte. Yn it notuleboek stiet dan: *"na veele vergeefsche starten (het duurde ongeveer 10 minuten) bleef de Jong meester van de baan"*. Der wiene prizen

fan yn totaal 150 gûne en de earste priis wie 80 gûne.

"Tijdens het rijden groeide het aantal belangstellenden vlink; toen om ruim 4 uur de wedstrijd was afgelopen, moest 't publiek uit elkaar gedreven

worden om ongelukken te voorkomen. Er waren 600 kaartjes verkocht".

IJclub Tjerkwerd

Groote Hardrijderij van Mannen

op Zaterdag 8 Februar 1941

Prijzen: f80.- plus verguld zilveren medaille
f50.- f30.- en f15.-

Minstens 12 deelneemers

Aangifte tot 3 uur v. Zaterdag 7 Feb. 1941
Inleg f1.-

Aangang van de wed. op 8 Feb. 1941
Tent 1000 m. v. d. Oudekerk

Yn '41 en yn '42 wurde der nochris grutte riderijen holden, dêr't beide kearen sa'n 1000 minsken op ôf komme.

Stoomboaten

De wedstriden waarden meastentiids holden op 'e Trekfeart of op it Van Panhuyskanaal en in inkele kear op 'e Sylsroede of op de opfeart nei Rytseterp. In grut probleem wie, dat de skippers mei har stoomboaten sa lang mooglik farre woene en dat de minsken ride woene. De 'Bond van IJclubs' waard doe oprjochte, sadat men in fûst meitsje koe tsjin de skipfeart troch û.o. *"Gemeentebesturen te verzoeken de bruggen gesloten te houden zodra de scheepvaart als gesloten mag worden beschouwd."*

Ein 1955 wurdt der in iisbaan oanlein op it lân fan Huitema mei in proeftiid fan trije winters; der moasten noch wol 2 polderdiken makke wurde fan wol 60 meter. Mar de kas liet sjen dat dit 60 meter te lang wie. Dochs waard al gau mei it meitsjen fan de nije iisbaan útein set. Men koe dan ek geregeld deis sa'n 10 oant 15 frijwilligers oan it wurk sjen mei in pear weinen en in span hynders. Der waard in ynlaatpomp nei de Sylsroede lein. It wachtsjen op in hurdriderij hoegde no net sa lang mear te duorjen as men foarhinne wend wie.

Raar yn 'e war

Der koene dy winter 9 riderijen holden wurde, wylst troch snie en hurde wyn de grutte fearten ûnberydber wiene. Op 4 febrewaris rûn de riderij foar de hurdste froulju raar yn de war, want troch in fersin fan 'e Ljouwerter krante wie de advertinsje net pleatst en de riderij stie yn de aginda ûnder in ferkearde dei. Der wiene mar 9 rydsters, alhoewol de omskiller yn Boalsert en it A.N.P. der noch wol mei op 'e hichte wiene. In moaie riderij, mar fierstente min belangstelling, sadwaande in *"skadelike"* dei foar de iisklup. Nei trije jier iisbaan moat men dochs wer gebrûk meitsje fan 'e feart. De lânfrou út Ljouwert fûn dat it lân der net better fan waard en wie net wer foar in kontrakt te bewegen.

Brandt Volbeda iennichste bestjoerder

Fan de jierren 1970 oant 1976 stiet neat beskreaun yn it notuleboek. As Brandt Volbeda, de iennichste iisklupbestjoerder dy't oerbleaun is, dêrnei frege wurdt, seit er:

"De skathâlder ferhuze en ek de siktaris gie fuort. Doe't it sawat oan it

Achter: feestkommisjelid Durk Walsma en âld-bestjoerder Assueris Huitema. Foaroan: Jouke Reidsma(feestkommisje) en Klaas Schukken (seremoanjemaster) mei yn 'e midden bestjoerslid Brandt Volbeda.



riden ta wie, gie de foarsitter ek noch fuort en doe siet Humpy Dumpy der hielendal allinne foar. Ik wie mar wat bysitter yn it bestjoer, mar doe bin ik mar foarsitter wurden en no moat ik allinne foar de hiele brot opkomme."

Der waard in feestkommisje oprjochte en sa koe it hûndertjierrich bestean fan 'e iisklup dochs noch fierd wurde.

Begjin 1996 lei der op guon plakken al sa'n 15 sm iis, wylst de wynwekken net ticht woene. De alvestêdekoarts kaam en minsken begûnen fan alle út te finen om de wekken ticht te krijen. Yn Tsjerkwert waarden, krekt as yn 1883, stikken iis útseage, mar no mei in kettingseage. Dizze stikken iis waarden ûnder de brêge yn it wek lein. Neist de brêge kaam in einewek, mar de einen sieten leaver ûnder de brêge. Dêrom moast it wek ûnder de brêge mei kleden ôfskerme wurde foar de einen. Ek it grutte wynwek by Ymswâlde waard ûnder hannen nommen. Spitigernôch is it net ta in alvestêdetocht kommen.

Sûnt 1987 hat Tsjerkwert wer in iisbaan. Yn 'e ôfrûne winter fan 2000-2001

hat ús iisbaan wol fertuten dien. It bûtwetter wie net fertroud om op te riden, mar yn Tsjerkwert op 'e iisbaan koe al riden wurde. De baan hat sûnt 1997 in semi-permaninte ferljochting, sadat jûns ek riderijen holden wurde kinne. Alle bern en leden hawwe oan in riderij mei dwaan kinnen dizze winter. Ek de bern fan groep 7 en 8 fan 'e basisskoallen út Wûnseradiel ha hjir striden om it kampioenskip fan Wûnseradiel. Wy binne dêrom ek tige bliid mei ús baantsje en fertrouwe der op, dat as der huzen boud wurde op ús baan, der wer in nije iisbaan komt!

Kadoos

Hjirnei sette Trudy Witteveen fan 'e Stichting 'It Waltahûs' it iisklupbestjoer yn it sintsje en mei help fan Bert Miedema foel in orizjineel kado útelkoar yn 7 dielen, foar elk bestjoerslid in part.

Riemersma fan Warkum stie mei 3 petten op; hy spruts út namme fan 'e K.N.S.B., it Bûn fan Iisklups en de iisklup fan Warkum. Riemersma dûkte de skiednis yn. Yn 1876 wie der de útfining fan 'e tillefoan, de iepening fan it Noardseekanaal en yn Amsterdam wie oproer om't it folk merke ha woe en net te ferjitten yn dat selde jier waard de iisklup fan Tsjerkwert oprjochte. En no 125 jier letter binne wer hieltyd minsken te finen, dy't harren ynsette wolle foar de iisklup. Bestjoersleden fan iisklups binne meastentiids minsken by wa, as it begjint te friezen, it bloed wat waarmer wurdt en wat hurder begjint te streamen.

Neidat hy de K.N.S.B.-flagge en de flagge fan 'e 'Bond van IJclubs' oanbean hie, krigen de manlju fan it bestjoer allegearre in moaie K.N.S.B.-strik. Om't it noch in frij jong bestjoer is, nêt opgroeid mei in strik, krigen sy der fuortendaliks fergees in kursus strikknopjen by; de twa froulju krigen in siden sjaaltsje. Sa koe elk no fierders dizze jûn sjen, wa't de bestjoersleden wiene.

As wurdfierder fan 'e iisklup Warkum hie Riemersma noch in ferhaal oer âld-Tsjerkwerter Hylke Speerstra, de bekende skriuwer, mar ek in man, dy't op redens wol út 'e fuotten koe. Sa wûn hy in kear in langebaan-ôffalwedstryd op 'e Iselmar by Warkum. Ast stikken wolst, dan moastst sokke wedstriden ride en mear dea as libben lei Speerstra nei de einstreek yn in bult wite snie en stoarre nei de readkoperen sinne, dy't stadich yn 'e Iselmar sakke. Ek it ljocht gie doe by Speerstra hast út.

Lokkigernôch hat hy it oerlibbe en wie dizze jûn yn Tsjerkwert. Speerstra krige doe it wurd en wist op treflike wize út te byldzjen, hoe't it der om en ta gie by de grutte riderijen, dy't yn Tsjerkwert holden waarden. Alde doarpsgenoaten sa as Sjouke Lemstra hearden wy wer in roffel jaan op 'e

lytse trom by it starten, Jaap de Haas liet de riders wer los en bakker Roelof de Jong bakte noch wol 300 keallepoaten ekstra en as der dan folle mear minsken kamen as ferwachte moast der yn alle hasten in slide nei Boalsert om drank te heljen foar Wed. Zwaagstra, dêr't de priisútlikking wie; sa krige elk syn gerak en hold der misskien wol wat fan oer. Soe Rients Ripperda syn gerak ek krije?

Sneins riden wie der net by

Alderling Rients Ripperda hie in sterk libido en sneins ride wie der net by, mar neidat hy yn 'e Psalmen lêzen hie: "*ik zal mij buigen op Uw eis*", die hy dochs de redens ûnder en wy rieden mei Ripperda mei op dizze moaie sneintemiddei. Oer Boalsert, Abbegea en Nijesyl gie it op Wâldsein ta en sa oer de Hegemermar, De Gaastmar en Sânmar oer Warkum en Parregea wer werom nei Tsjerkwert; ûnderweis hjir en dêr in ynferzen skûtsje tsjinkommend, dêr't misskien de skipper te hurdriden wie en it skipperske wat handel ûnder har skelkje hie. De feestgongers fan Tsjerkwert witte, hoe't it ôfrûn is mei Ripperda; hy moast yn elts gefal foar melken wer thús wêze, dus folle tiid hie hy net. Speerstra syn slûfke mei ynhâld bedarre by de ponghâlder fan it korps 'Eensgezindheid', dy't neffens Speerstra in bêste ferfanger wêze soe foar de Blauhûster Dakkapel by grutte wedstriden yn Thialf.

Nei Speerstra syn kostlike ferhalen kaam noch oan 't wurd wethâlder Karel Helder fan Wûnseradiel; de ponghâlder hie it kado al yn ûntfangst nommen. Fierder sei Helder noch ta, dat it bestjoer fan 'e iisklup der net oer yn sitte moast, dat as der wol huzen op 'e iisbaan komme der wol in oare iisbaan komt; de kosten dêrfan sille wol trochberekkene wurde yn de kavelprizen fan 'e nije wenten.

Neidat foarsitter Wieger de Jong elkenien betanke hie, koe elk, dy't dat woe efkes fan 'e flier ûnder begelieding fan 4-Ward of oan 'e bar in pear drippen nimme. De lêste feestgongers giene moai let nei hûs; wat dat oanbelanget is der yn al dizze 125 jier fan it bestean fan 'e iisklup neat feroare.

Tekst: Lutske Schakel

Foto's: Ut de samling fan Gerrit Mulder

Ynformaasje fan Stichting It Waltahûs

Hallo Tjerkwerders.

Hier even wat nieuws vanuit het Waltahûs.

Zoals u waarschijnlijk al op het nieuwjaarsbal heeft gehoord zit voor Wiebe Huitema de periode van 7 jaar Stichting bestuurder erop. Voor hem is Jan Witteveen in de plaats gekomen. Tevens moest Jappie de Boer het wat rustiger aan doen en voor zijn tijdelijke vervanging is Jaap van Lingen bereid gevonden. Over de afgelopen periode kijken wij met een tevreden gevoel terug op de activiteiten die geweest zijn, waarvan door jong en oud druk bezochte Dames en Heren sociëteit er een van is.

Van Windkracht 10 mochten we duizend gulden ontvangen i.v.m. de onkosten voor de geluidsisolatie. Inmiddels is hiervoor een akoestisch onderzoek gedaan en zal de uitslag hiervan in week 11 bekend worden. Ook is de buitenmuur aan de voorkant opnieuw gevoegd en zal er weer begonnen worden met het schilderwerk buitenom.

Wat de agenda betreft staat het volgende nog op het programma:

- 24 maart tropische avond
- 7 april vrijwilligersavond

Stichting Doarpshûs It Waltahûs.

Playbackshow in It Waltahûs te Tjerkwerd

Zaterdagavond 27 januari was de jaarlijkse playback show.

Om precies 20.00 uur opende de voorzitter van de stichting It Waltahûs, Trudy Witteveen-Hetema, de avond. Ze verwelkomde de presentatrice, Betty Jellema, de jury bestaande uit: Jetty Hettinga, Ton Visser en Judith Huitema en de drive-in show S.R.A. Het programma bestond uit 18 nummers waarvan 10 nummers van basisschool kinderen, die voor de pauze aan de beurt kwamen en 8 kinderen of volwassenen ouder dan 12

jaar. Het eerste nummer was Heyah mama van K3 geplaybackt door Age (Aagje), Jelle (Jeltsje) en Jouke (Joukje) Gietema.

Het programma liep erg vlot. Om 21.15 waren er al 10 nummers gedaan. Het waren ontzettend goede uitvoeringen. Er was nu tijd voor een drankje dus pauze.

De jury kon zich even terugtrekken om alvast een klein overzichtje te maken.

Na de pauze kwamen de "groten" aan de beurt.

Fokko Rollema en Baukje Kootstra startten de tweede ronde en vertolkten Herman Finkers en Brigitte Kaandorp met een duet. Yeb Witteveen, Yde Schakel, Jelle Zysling, Gerben Dijkstra, Bertus Walsma en Jaap van Lingen sloten het programma af met de Boerebûterfeart nei Omsk van Rients Gratema in prachtige, Russische winterkledij met slee en wolven. De jury ging voor de tweede keer in beraad en met muziek van S.R.A. vermaakten we ons zolang.

Daarna kwam de uitslag. Spannend vooral voor de deelnemers/sters.

De jury begon met de basisschool kinderen.

Als derde eindigden Age, Jelle en Jouke Gietema met Heyah mama van K3.

Tweede werd Wietske Nieboer met Kleuren van de wind van Pocahontas.

Eerste werd Welmoed Blanksma met Baby one more time van Britney Spears.

12 jaar en ouder.

Derde werd Lybrich Schakel en Peter Nauta met Wêr bisto van Twarres.

Tweede werden Yeb, Yde, Jelle, Gerben, Bertus en Jaap met Boerebûterfeart nei Omsk fan Rienst Gratema en eerste werd Sytske Gietema met Long tall glasses van Leo Sayer.

De wisselbeker of wel de Pier Zysling bokaal ging naar: Welmoed Blanksma. Zij was met haar nummer van Britney Spears de ster van de avond. Alle deelnemers kregen een vaantje als aandenken en de besten een beker. Het programma werd afgesloten met het winnende nummer geplaybackt door Welmoed.

Daarna werd de presentatrice en jury bedankt en er werd nog gedanst en gefeest tot in de kleine uurtjes op de muziek van de drive-in show.

Nijs fan it korps “Eensgezindheid”

It nije jier is al wer in skofke oan ‘e gong en ek it korps is al wer drok dwaande.

De jierlikse útfiering hat al wer west en neffens ús wie dat in grut sukses. Geweldich wiene ek de nije learlingen mei harren optreden, 13 stiks it kin net better.

Ek ha jim in delegaasje fan it korps sjen kinnen yn de foarm fan “de Boerenkapel” tidens it 125 jierlich bestean fan de iisklub.

Fanôf dit plak wolle wy Hylke Speerstra noch betankje foar de spontane gift!

Foar de kommende tiid ha wy noch in tal saken op it programma.

Sa sille wy ein maart in konsert jaan tegearre mei it korps fan Tsjom, dit konsert is in soart fan “try-out” foar it Frysk Fanfare Festival op 6 april yn it Fean. Ek hjir binne wy mei ús korps wer fan de party.

Tot beslút fansels noch eefkes jim omtinken foar de rommelmerke, ein septimber.

Ha jim alfêst guod dat jim kwyt wolle, skilje dan efkes mei till nû.: 579338.

En oars mar wer goed sparje sadat de rommelmerke wer krekt sa’n grut sukses wurdt als yn 1999!

Dit wie earst wer wat it korps oanbelanget.

Oant sjen!

Pjuttehonknijis

Na de drukte van Sinterklaas en kerst zijn we begonnen met het Tomke-project. Tomke is een Fries jongetje die kleine avonturen beleefd met zijn hondje Romke. Kinderen vinden het prachtig, want het is voor hen heel herkenbaar en sluit goed aan bij hun belevingswereld.

Na de voorjaarsvakantie starten we met een voorleesproject; “Ga jij een verhaal vertellen?” Dit project is geïntroduceerd door een “leesfee”.

Het wordt bekostigd door de gemeente Wûnseradiel. Bij zowel het Tomke- en het voorleesprojekt staat de taalontwikkeling centraal. De bedoeling is om het voorlezen te stimuleren en de woordenschat van de kinderen uit te breiden.

Op 19 februari jl. hebben we onze jaarlijkse ouderavond gehouden.

Gastspreker die avond was mw. H. Twijnstra uit Tjerkwerd. Ze vertelde ons met veel enthousiasme van alles over EHBO bij kleine kinderen.

Een onderwerp wat zeer de moeite waard was.

Onze voorzitter Houkje de Jong trad af. Walburga Baarda is nu onze nieuwe voorzitter. Houkje bedankt voor je inzet en Walburga veel succes de komende periode.

In de week van 11 t/m 17 maart komen we weer langs met de **JANTJE BETON** collecte. Tot dan....

Karin Harkema

DAMES- & HEREN SOCIËTEIT

Twee avonden zijn nu geweest en als jullie dit stukje lezen is de derde avond (16 maart) waarschijnlijk ook al voorbij. Toen wij met de voorbereidingen bezig waren hadden wij geen idee wat we konden verwachten. Dat het een groot succes zou worden al heelmaal niet, want gezien de belangstelling mogen wij wel spreken van een succes.

De eerste avond was het duidelijk wennen voor een aantal maar op de tweede avond ging het al vlotter. Even bijpraten, een kaartje leggen, darten, risken etc. of gewoon lekker aan de bar hangen, het maakt niet uit wat.

Het motto blijft: **NIETS MOET, ALLES MAG.**

Je beslist zelf. Blijf je de hele avond of maar een uurtje, geen probleem. Het is geen verplichting en dat moet het ook niet worden. Gezelligheid troef is de bedoeling.

Duidelijk is voor ons wel dat wij het komende winterseizoen hiermee door kunnen gaan. In september komen wij hierop terug.

Rest ons nog de Stichting It Waltahûs te bedanken voor hun medewerking en sponsoring (koffie, koek, etc.).

Gerben en Jaap

Keatsferiening De Twa Doarpen

We zijn weer begonnen met de voorbereiding van het komende kaats seizoen.

Wij hebben er zin in, u/jullie ook?

Vanaf groep 5 van de basisschool mag je al meedoen, maar ook de al wat oudere dames of heren zijn van harte welkom! Ervaring met het kaatsspel is niet vereist.

De competitie start op **dinsdag 1 mei** en loopt tot begin september, er kan dan dus elke dinsdag gekeatst worden op het sportveld van Tjerkwerd. We beginnen steeds om 19.00 uur. Bij voldoende deelname kaatsen de dames apart, verder is de groepsindeling afhankelijk van leeftijd en aanbod.

Ook willen we dit seizoen weer aandacht besteden aan de training van de jeugd, en misschien ook voor de ouderen. Wat het precies wordt is nog niet helemaal bekend, nadere informatie volgt.....

De contributie is dezelfde als het vorige seizoen namelijk: •

Jeugd t/m 16 jaar f 15,00 voor het hele seizoen

Ouderen f. 20,00 voor het hele seizoen (de peildatum is 1 mei)

Bij meerdere kinderen uit één gezin:

1ste en 2^e kind f. 15,00 3^e kind f. 10,00, 4^e en volgende f. 5,00

We gaan in elk geval 2 ledenpartijen organiseren en wel op 9 juni en 14 juli, alvast noteren dus!

Verder hebben we nieuw materiaal aan kunnen schaffen dankzij sponsoring door de ING, een zeer welkome meevaller!

De deelname is nog steeds voor eigen risico.

Graag tot ziens op 1 mei!

Het bestuur.

Voorzitter/comp.leider jeugd	Age Gietema	tel. 579514
Secretaris	Joke de Jong	tel 579866
Penningmeester	Sjoerd Bouma	tel 579081
Comp.leider/materiaalbeh.	Durk Ouderkerken	tel 0517-532601
Comp.leider/materiaalbeh.	Johan Ouderkerken	tel 579224
Comp.leider/materiaalbeh.	Wiebren Poelstra	tel 579581

16^e Parodialoop in Tjerkwerd

De zestiende editie van de Parodia-trimloop vindt op zondagmiddag 22 april a.s. plaats. Deelnemers dienen dan weer het 7,4 kilometer lange traject Tjerkwerd-Parrega-Dedgum-Tjerkwerd af te leggen. Een schitterend parcours, met het ontluikende voorjaar als sfeervol decor! Start en finish van de trimloop zijn traditiegetrouw op de brug in Tjerkwerd, bij het dorps huis. De deelnemers kunnen zich vanaf 13.15 uur inschrijven in It Waltahûs. Daar bestaat op de bovenzaal gelegenheid om je om te kleden.

Het inschrijfgeld bedraagt 5 gulden per persoon. De start van de trimloop is om 14.00 uur.

Elke deelnemer die de loop volbrengt, krijgt een medaille. Voor de winnaars in de vier categorieën Jongens t/m 16 jaar, Meisjes t/m 16 jaar, Heren-senioren en Dames-senioren staat er een mooie beker klaar. De jaarlijkse wisselbikers in genoemde klassen kunnen alleen gewonnen worden door inwoners van Tjerkwerd. Hiermee willen we de trimmers in eigen dorp extra stimuleren. Vorig jaar waren Jacob Hofstra, Welmoed Schakel, Seakle Witteveen en Rian van Buren de trotse winnaars. Hopelijk doen er dit jaar weer veel deelnemers (en vooral ook veel Tjerkwerders) mee aan de Parodia-trimloop, die in de regio zo langzamerhand een begrip is geworden. Trimmers komen de laatste jaren vaak van heinde en ver om mee te kunnen doen.

Tjerkwerders die geen 'trim-ambities' hebben, zijn zeer welkom als publiek. Meldt u bij het dorpshuis, zou ik zeggen, want daar kunt u een live-verslag van de loop op de voet volgen. Een verslaggever (vanuit de koers) en centrale presentator Jelle Feenstra houden de aanwezigen nauwgezet van alle gebeurtenissen op de hoogte via de geluidsboxen. Jelle probeert ook zoveel mogelijk finishende trimmers een microfoon onder de neus te duwen voor een korte reactie. Wedstrijdleider Jaap van Lingen en zijn assistenten noteren alle tijden van de lopers. Dat wordt dus een en al gezelligheid op de dorpsbrug.

De prijsuitreiking van de Parodia-trimloop staat omstreeks 15.30 uur gepland in It Waltahûs. Trimmers en publiek krijgen daar tevens de mogelijkheid om nog enkele uurtjes gezellig met elkander te verpozen (in de zaal of aan de bar). Een popband zal tot circa 18.00 uur voor live-muziek zorgen. Waar Rotterdam zijn jaarlijkse marathon heeft, heeft Tjerkwerd zijn jaarlijkse trimloop in april. Mensen, doe mee of komt dat zien!

Dan nog even het volgende: De organisatie van de Parodialoop heeft de laatste jaren telkens te kampen met enig geldtekort, omdat er behoorlijk wat kosten moeten worden gemaakt om de happening in goede banen te kunnen leiden. Graag zouden we daarom enkele donateurs in Tjerkwerd willen hebben. Als er mensen of bedrijven in het dorp zijn die een kleine bijdrage over hebben voor de organisatie van de

Parodialoop, dan kunnen ze dat geld afgeven bij Jaap van Lingen op de Waltawei. De bijdrage mag ook gedeponereerd worden in de bijdrage-pot die we op 22 april in It Waltahûs zullen zetten. Hopelijk gooit het aanwezige publiek daar ook geld in. Zij krijgen er immers een gezellige middag met live-muziek voor terug in het dorps huis! Zo kunnen we er hopelijk met z'n allen voor zorgen dat de Parodialoop kan blijven voortbestaan.

Hoe verliep de Parodia-loop van vorig jaar ook alweer?

Erik Negerman (Bolsward) en Jeroen Zeinstra (Witmarsum) finishten op zondagmiddag 16 april 2000 gezamenlijk als eerste in de 15^e Parodia-trimloop. De twee lopers zetten een tijd van 26.06 minuten op de klokken. De recordtijd van Gerrit Kramer, 24.15 min. (gelopen in 1998), bleef zodoende overeind. De Parodialoop trok een kleine zestig deelnemers, die in het eerste rechte stuk naar Parrega een harde wind moesten trotseren. Gelukkig scheen de zon, zodat de temperaturen redelijk aangenaam waren. De winnaar van de Parodialoop 1999, Matthijs Lusthof uit Sneek, kon het niet bolwerken tegen Negerman en Zeinstra en moest het duo al redelijk snel in de koers laten gaan. Lusthof eindigde uiteindelijk als derde in 28.16. Germ Hilverda uit Bolsward (28.16, Skuzumer Aise Bouma (29.10 en Bolswarder Willem Radelaar (29.23) kwamen daarna binnen. Snelste vrouw werd Margje Abma uit Tjerkgaast in 34.53 minuten. Bij de jeugd tot en met 16 jaar heerste de familie Nauta uit Bolsward. Peter Nauta won bij de jongens in 28.59, zus Marieke Nauta bij de meisjes in 35.34 (parcoursrecord) Titelverdediger Jelte Steur moest bij de jeugd helaas verstek laten gaan vanwege een blessure. De wisselbepers voor de snelste Tjerkwerders in de loop gingen naar Jacob Hofstra (senioren, 33.20), Welmoed Schakel (dames, 38.45 min), Seakle Witteveen (jongens, 35.27) en Rian van Buren (39.27, meisjes). Andere plaatselijke cracks die de loop volbrachten waren ondermeer Jolt van Buren, Ids Walsma, Evert Bakker, Lybrich Schakel, Jan Witteveen junior en Aggie Walsma. Jammer, dat er relatief weinig Tjerkwerders meededen aan de Parodialoop.

Het massaal opgekomen publiek in Tjerkwerd kon het verloop in de koers prachtig volgen, omdat reporter Bert Miedema via een mobile telefoon telkens verslag deed aan centrale presentator Jelle Feenstra. Laatstgenoemde ving ook alle deelnemers na de finish op voor een kort commentaar op de loop. De jongste deelnemer was 9 jaar (de dappere Jan Witteveen uit Tjerkwerd), de oudste was 77 jaar (de taaie Harlinger Wybren Visser).

Aksje Roemenië Roept

De ynsamlingsaksje foar Roemenië, dy't hâlden is yn novimber, hat wer in soad klean, brillen, giften, sjippe ensf. oplevere.

Allinne al yn Tsjerkwert, koene wy hjir al 101 doazeh mei fulle. Allegear hiel hertlik tank hjirfoar.

Ek tank oan 'e skoalbern dy 't wer pakketsjes makke ha foar de weesbern dêr.

Ek koene we, neist de giften, f. 1000,-- oerhandigje, dy 't brûkt binne foar iten, medicaminten en ferfier.

Yn Tsjerkwert binne ek pryskes wûn troch:

fam. Huitema, Waltawei

fam. Huitema, Jousterperwei

fam. De Boer, Singel

fam. Schakel, Sylroede

fam. Huitema, Bolserterdyk

Wiebe Huitema, Singel

Dhr. Banga, Singel

Mefr. Koensz, Singel

Fierder wol ik Anneke, Ella, Yfke, Titia, Hinke, Aggie, Tetsje, Minke, de Reinbôge en it Waltahûs, hertlik bedanke foar de hulp en fierder eltsenien dy 't holpen hat, om dizze aksje sa goed slagje te litten.

Sytske

Dorpsbelangen "de Dorpsvisie"

Aanbieden van de "DORPSVISIE" aan burgemeester Piersma in It Waltahûs op vrijdag 30 maart. Aanvang 20.00 uur.
Het Dorpsbelang nodigt u allen van harte uit om ook een exemplaar in ontvangst te komen nemen.

Voor U gelezen door Pieteke Dekker

Wat wij aan kennis winnen, boeten wij in aan gevoel.

Ik lieg nooit, alleen als ik een beetje waarheid te kort kom.

Uit het feit dat iets niet wit is, moet men nog niet opmaken dat het zwart is.

Om te vrijen is één te kort, twee genoeg en drie te veel.

Van de stijfkop en de zot, vult de advocaat zijn pot.

De iene traag, de oare graag.

Niemand is rijk genoeg om zijn verleden terug te kopen.

Hartzeer is meisjesverdriet.

Uit de Alphense pastorie door ds. Henzen

De stroopwafels van tante Catrien zijn zonder enige twijfel van grote klasse. Het zijn niet van die taaie koeken die je, met alle risico's van dien, een kwartier op je hete kopje koffie moet leggen voordat ze 'behapbaar' zijn, maar ze eten (te?) heerlijk weg. U begrijpt dat ik (en velen met mij!) het dus ook in hoge mate waardeer dat Linda niet alleen achter het recept is áángegaan, maar dat ze bovendien een ochtend bij tante Catrien 'in de leer' is geweest. Echter, waar ik al bang voor was, ze loopt nu toch wel wat erg

hard van stapel! Toen ik afgelopen zaterdagavond na de weeksluiting in verzorgingshuis Rijnzate thuiskwam, was ze zó fanatiek bezig met wafelijzer, deeg en stroop, dat in de huiskamer het zicht was teruggelopen tot minder dan vijftig meter.

Op mijn vragend kritische opmerking of het niet wat minder kon, of ze aan zestig stroopwafels niet voldoende had en of dit alles geen gevaar opleverde voor de gezondheid van de pastoriebewoners reageerde ze zó geprikkeld, dat ik als een haas naar mijn studeerkamer verdween, ik had tenslotte inderdaad nog genoeg te doen. Gescheiden brachten we de avond door, totdat zo'n kwartier later het brandalarm in de hal luid piepend af ging en ik, gereed om vrouw en kinderen te redden, naar de woonkamer rende. Gelukkig was er niets aan de hand en was er wel stroopwafelrook maar geen vuur. Om onze op hol geslagen rookmelder het zwijgen op te leggen en de boven slapende kinderen niet in paniek te brengen, heb ik dat oorverdovend piepende apparaat ten einde raad maar van het plafond gerukt en Linda gesmeekt om de bouw van die Babylonische stroopwafeltoren te staken.

Het verslag van de spraakverwarring die ontstond zal ik u besparen, maar een bedankje aan tante Catrien lijkt me zeker wel op zijn plaats en dat met de toevoeging dat velen met smaak (en ik met een bijsmaak!!!) van de stroopwafels hebben gegeten!!!

Tenslotte. Vanuit 'een in blauwe nevelen gehulde, maar welriekende' pastorie aan u allen een hartelijke groet,

J. Henzen.

UITBREIDING DAGVERZORGING VOOR OUDEREN

Iedere woensdag wordt er van kwart voor 10 's morgens tot kwart voor 4 's middags in verzorgingshuis Aylva State dagverzorging gehouden. In de nabije toekomst zal de dagverzorging uitbreiden en wordt het mogelijk de dagverzorging 2 dagen per week te bezoeken. Dit geldt eveneens voor de dagverzorging in Huylickestein te Bolsward en Nij Stapert te Wommels.

De dagverzorging in Aylva State is een voorziening bedoeld voor zelfstandig wonende ouderen vanaf 65 jaar, die enige ondersteuning op lichamelijk, sociaal en/of geestelijk vlak nodig hebben en wonen in de gemeente Wûnseradiel. Voor ouderen die meer op Bolsward gericht zijn, bestaat de mogelijkheid aan de dagverzorging in verzorgingshuis Huyckenstein (op maandag en donderdag) deel te nemen.

De dagverzorging heeft als doel dat men langer zelfstandig in de eigen vertrouwde omgeving kan blijven wonen. Ook wanneer men op de wachtlijst voor het verzorgingshuis staat, kan dagverzorging helpen deze periode te overbruggen en went men alvast aan het verzorgingshuis.

Dagverzorging is bedoeld voor ouderen die weinig sociale contacten hebben of op eigen gelegenheid weinig de deur uit komen, bijv. door gevolgen van een beroerte, de ziekte van Parkinson, een knie- of heupoperatie, slechtziendheid en doofheid.

Dagverzorging is eveneens bedoeld voor ouderen die licht vergeetachtig zijn. Daarnaast dient de dagverzorging ook ter ontlasting van de mantelzorg (de partner, kinderen, familie en/of bureu).

Op een dag dagverzorging komen er 10 a 12 ouderen naar Aylva State om hier met elkaar de dag door te brengen; voor vervoer van en naar de dagverzorging kan worden gezorgd. We starten 's morgens met gezamenlijk koffiedrinken, er wordt gepraat, krant gelezen en voor het eten doen we soms nog een activiteit met elkaar. Om 12.00 uur is het dan tijd voor de warme maaltijd; het met elkaar eten wordt als erg gezellig ervaren.

Na het eten is er gelegenheid om te rusten, wandelen, puzzelen of een bezoekje in het huis brengen. Vervolgens gaan we onder de thee door met diverse activiteiten voor de middag, zoals gezelschapsspelen, hersengymnastiek, bingo, zingen of een film. We besluiten de middag met lichte gymnastiek. Ook kan men op de dagverzorging terecht met vragen over bijv. hulpmiddelen, dieet en taxivergoedingen.

De aanmelding voor de dagverzorging verloopt via het Regionaal Indicatie Orgaan te Sneek, tel: 0515-426276. Ook kunt u een aanvraag voor de dagverzorging eerst met uw huisarts overleggen.

Mocht uw belangstelling na het lezen van dit artikel gewekt zijn en wilt u graag meer informatie of een folder, dan kunt u contact opnemen met:

Rita de Boer

Coördinator dagverzorging Bolsward/Littenseradiel/Wûnseradiel

p/a Eekwerdlaan 1

8701 LT Bolsward

tel. 0515-574845 (op maandag en donderdag bereikbaar)

1 maart 2001

Oan 'e leden en it bestjoer fan doarpsbelangen yn Wûnseradiel

Achte minsken,

Jimme sille ôfrûne tiisdei wol fernuvere it stik "kleine dorpen leveren huizen in voor Makkum" yn de Ljouwwerter Krante lêzen hawwe en tocht ha, wat hawwe wy no oan 'e fyts hingjen en moat dit no sa.

Wat is it gefal. By de behandeling fan it wenplan ôfrûne moandei te jun, hawwe wy in útslet yntsjinne om 12 wenten fan 'e earste oarder doarpen nei twadde oarder doarpen te skowen en sa rjocht te dwaan oan it kolleesje program.

Yn dit program wurdt útgongen fan 75% wente bou yn de earste oarder doarpen en 25% yn de twadde oarder doarpen.

Dizze 12 wenten woenen wy by Makkum(7), Wytmarsum(3), Kimswert(1) en Parregea(1) weihele. Alle twadde oarder doarpen soene dan oan't 2010 ien wente mear krije kinne en Lollum 2 wenten mear, om 't hja yn 1997 mar ien krigen tsjin alle oaren twa. De lêste 3 wenten soene yn in potsje moatte foar ynwreidings plannen yn twadde oarder doarpen. It kollesje hat ús útstel

oernommen en de mearderheid fan de rie koe him hjir yn fine. Dit hâldt yn dat jimme doarp neat ynlevert, mar der ien wente by kriget en Lollum twa wenten oan 2010.

Fierders hawwe jimme de kâns om mei in ynwreidings plantsje in goai te dwaan nei de trije wenten yn it potsje foar jimme doarpen.

Hawwe jimme noch mear fragen of opmerkings dan wolle wy dy graach beanderje, jimme kinne der foar skilje 0515-572703 of 0517-532044.

Mei freonlike groetnis fan F.N.P. fraksje,
Sibe Attema.

Bedankjes

Na Paulus zijn "ongemak" hebben we vele reacties gehad.

Kaarten, telefoontjes, bezoeken.

Het is goed te weten dat er zoveel mensen met je meeleven!

Groeten Jan, Agatha, Eduard,
Seakle, Paulus en Jan jr.

Tige tank !

Wat hawwe wy in soad kaarten, blommen en oare reaksjes krigen omdat wy op 23 desimber 25 jier troud wienen.

Dat hat ús dei mei ta in prachtige feestdei makke.

Tige tank dêrfoar !!!

Grytsje en Rick

Langs deze weg willen wij u/jullie hartelijk bedanken voor de vele goede wensen, die wij r nd de kerst en de jaarwisseling mochten ontvangen. Te mogen merken dat wij doot 'Frysl n' nog niet vergeten zijn, doet ons veel goed. Van onze kant wensen wij u/jullie natu rlijk ook alle goeds en Gods zegen toe! Rest ons nog te vermelden, dat wij het hier in Alphen aan den Rijn, zowel wat werk als wonen betreft, erg naar ons zin hebben. Van de keuze om 'ja' te zeggen op het beroep hebben wij nog geen dag spijt gehad, alhoewel wij velen van u/jullie en de prachtige omgeving daar nog dagelijks missen. Dit geldt trouwens niet alleen voor ons, maar ook voor onze vader en ouders, die nog met veel heimwee terugdenken aan 'onze' Friese tijd. Ontvang mede namens hen de hartelijke groeten!

Jan, Linda, Sanne, Johan en Tim Henzen.

Bydragen

Bijdragen zijn gekomen van:

J. Speerstra, Bolsward; B. Kuipers, Singel; R. Steur, Sylroede;
B. Bakker, Waltaweg; S. en W.C.J. Tolsma, Aldtsjerk; J. Witteveen,
Waltaweg; W. Bakker, Kerkstraat; J. Dijkstra, Sneek; T. v.d. Meer,
Witmarsum; mw. S. Witteveen-Andela, Bolward; W. Hekkema, Sylroede;
S. de Jong, Waltaweg; S. Miedema, Eemswoude; mw. Walsma-de Boer,
Bolsward; D. v.d. Werf, Oosterwierum; S. Gietema, Hemdijk; A. van
Lingen, Singel.

Hartelijk dank voor jullie bijdragen!

Boargerlike stân

Meidielings foar dizze rubryk graach skriftlik oan 'e redaksje

'k ben 'n druppel van de regen
en 'n korrel van 't zand
'k ben 'n vonkje van 't zonlicht
en 'n kluitje van 't land
'k ben 'n schepje van de bergen
en 'n plakje van 't dal
'k ben 'n deel van alle leven
'k ben 'n kind van 't heelal

Onze zoon en broertje

Auke Jan

is geboren op 22 december 2000,
hij weegt 3390 gram.

Waltaweg 21
8765 LM Tjerkwerd

Mieke, Harmen
en Rients Posthumus

Op 5 januari 2001 is geboren onze dochter Sygnie Jenna
Wij noemen haar

Sygnie

Andries en Marga Steegstra-van Drogen
Sylroede 29
8765 LW Tjerkwerd
0515-579194

Erg blij en gelukkig zijn wij met de geboorte van
onze dochter en zusje

Kirsten

3 maart 2001

Eric en Anita Bijlsma-Haitjema
Sven
Robin

Sylroede 31, 8765 LW Tjerkwerd
Tel. 0515 - 579839

Snypsnaren

- ca By de playbackshow yn jannewaris hipten twa wolven mei in kninesturt op it podium om. Of wienen it twa kninen mei in wolvekop? Neffens my hat er spake west fan genetyske manipulaasje. In *Lupus Cuniculus*?
- ca Ex-Tsjerkwerter Harold en Marja Heeringa krigen yn harren nije heitelân in soan. Hâkon, sa hiet er. De kroanprins fan Noarwegen draacht deselde namme. Is dat eefkes flot ynboargere.
- ca It Skieppesturtsje krijt mei koarten in eigen e-mail adres. Sa kin noch makliker de kopij oanlevere wurde. Foar dizze rubryk kinne jo dan ek snypmaile....
- ca De tongbliersykte spoeket troch it lân en yn de hollen fan in protte feehâlders. Nochtere Friezen litte harren lokkich net gau gek meitsje. Lolle Hylkema krige besite fan in KI-man. 'Jo kinne net samar by my op it hiem komme, earst moatte jo de learzens ûntsmette. Sjoch, yn dy betonnen bak!'
- ca 'Mar der sit neat yn!?', wie it ferbjustere antwurd. 'Om 'e donder al, der sit radongas yn! Jo sjogge it net, mar it ûntsmet al....!'
- ca By Haarsma wie okkerdeis lichte panyk doe 't ierebetiid it alaarm ôfgie. De 'ynbrekker' wie ien fan de hynders. It earme bist knabbele eefkes te lang oan in kabel....
- ca Trudy praat betiiden Koeterwaals. 'Us Suzanne hat de Haflinger longere...' (in hynder hat in pear rûntsjes draaft...) Oh...!
- ca Buorman Jelle T.(?) hat ferlet fan in nije bril. De feedokter kaam lâns om de moaie wite poes te sterilisearjen. 'k Soe it oars graach wolle, mar it is in boarre. No dus eks-boarre....
- ca Ien fan de lytsbern fan de fam. Dekker sil trouwe yn Bangkok. Seremonieel wurde dan blommekrânzen om de hollen fan de breid en brêgeman smiten. Pake Dekker is omraak oan 't oefenje west.
- ca Stella hat it hert wol op it goede plak. In frou út Snits belle op en frege oft er noch in knyntsje te keap wie en as it ek dan brocht wurde koe, want de frou wie net mobyl. Dat Stella yn de auto nei Snits, siket in skoftke om it adres, levert it beestje ôf, krijt 5 gûne yn de hân treaun en rydt dernei wer op hûs oan. En dochs noch grouwe winst....
- ca Us kommissaris kin gjin ljipaai sjen dit foarjier en boargemaster Piersma is benaud foar plakken yn 't nije kleed, dat wy kinne ek net oars... De redaksje slaat dit jier oer. It aai wol dit kear wizer wêze as de hin! (hinneaaien oars wolkom... red.)
- ca Ofrûne sneon wie der disko yn it Waltahûs foar de jongerein. De opkomst sa'n 14 jonges en famkes. Jimme hienen yn elts gefal de romte op de dûnsflie, sille wy mar sizze.
- ca Michiel Galema hat de tekening fan ús nije omslach makke. 'Dy dûkboatperiskoop ha ik der letter yntekene, sei er. Dat like my wol aardich ta.' Brandsma soe in raar gat *springe* as soks echt barre soe....
- ca De *stjoerman* fan de Russyske hynsteslide Jaap van Lingen wie granddiabel. Mar hy hat in soad oefenje moatten. Eltse kear op 'e nij sette er it fleske te let oan de mûle....

Kopij en (elektroanyske-) snypsnaren graach foar 28 maaie.

Tsierkwerf

